



Dit is de dei...

Sara en Simon folgje Jezus

troch Foekje-Fleur Fink

Sara en Simon belibje – mei harren grutte broer Daniël, heit en mem, pake en oare famylje – de ferhalen fan ‘Dit is de dei...’.

De hiele famylje is doopt yn de Jordaan en in ‘nij libben’ begûn. Yn dat nije libben draait alles om Jezus fan Nazaret. Mar wa is Jezus no krekt? Wêr is hy berne? En hoe hjitte syn heit en mem? Eins hiene se dat oan Johannes freegje moatten, doe’t se doopt waarden. Dy hie it grif wol witten. Gelokkich binne der mear minsken dy’t Jezus kenne. Dy fertelle de ferhalen troch oan wa’t it mar hearre wol.

Yn de wiken dy’t komme, hearre jim wat de skieppehoeders oer Jezus fertelle. Dy hearden as earsten fan Jezus’ berte. Tagelyk fertelle se ek fan Johannes, want Jezus en Johannes binne famylje faninoar.

Jim bidden is ferheard

Lukas 1,5-25

“Giest jûn mei nei de hoeders?”, frege Mirjam. “Us heit is der ek mei de skiep.”

Mirjam wie in freondinne fan Sara. Se wist wol dat Mirjam har heit skieppehoeder wie. Hy wie soms skoften fan hûs. Dan swalken se mei de skiep troch de bergen.

“As de skiep jûns wer thús binne, meitsje de hoeders in fjoer. Oars komme der wylde bisten. Dy falle de skiep oan”, fertelde Mirjam. “Giest mei?”

Sara woe wol gráách mei. “Ik moat it earst wol oan ús mem freegje.”

“Dan freegje wy it tegearre”, sei Mirjam.

Sara en Mirjam rûnen de tún yn. Mem plukte druven. “Ha dy Mirjam,” rôp se. “ik ha heard dat jim heit hjir yn ‘e buert is mei de skiep.”

Mirjam knikte: “En ik gean der jûn hinne!”

“Mei ik mei Mirjam derhinne?”, frege Sara.

Mem seach fan Sara nei Mirjam...

“Jûns fertelle de hoeders ferhalen by it fjoer”, sei Mirjam.

“Mem, mei it?”, frege Sara.

Mem lake: “No, toe dan mar!” Tsjin Mirjam sei se: “Freegje jim heit oft er jim jûn wer thúsbringt.”

Doe't de sinne hast ûnder gie, rûnen Sara en Mirjam by de berch op. "Sjoch, dêr moatte we wêze", wiisde Mirjam. "It fjoer brânt al."

Se rûnen tusken de hoeders troch. De heit fan Mirjam siet ticht by it fjoer. Hy rôp: "Hjir is wol plak!"

Doe't Sara en Mirjam sieten, frege ien fan de hoeders: "Witte jim noch fan doe't wy doopt binne yn de Jordaan?"

De oare hoeders knikten. Ien fan harren sei: "Wy giene allegear kopke ûnder."

"Us heit en mem ek en ...", flústere Sara. Se woe noch mear sizze, mar de hoeder fertelde al wer troch."

"De man dy't ús doe doopt hat, hjit Johannes. Syn âlden haw ik goed kend. Dat wiene Sacharias en Elisabet. Oer harren sil ik jim in ferhaal fertelle. Harkje mar..."

Sacharias en Elisabeth wennen op 'e romte, net fier fan Jeruzalem ôf. Jûns sieten se tegearre noch even foar hûs. Se wiene al âld en hiene gjin bern.

Soms lei Elisabet de han efkes op de earm fan Sacharias. Dan flústere se: "Wat hie it moai west as wy bern hân hiene. Dan hie it hjir no net sa stil west."

Dan knikte Sacharias. Hy hie wol graach in soan ha wollen. Dy hie miskien wol Sacharias hjitten, krekt sa as hy. En dan lei er de hân op dy fan Elisabet. Se holden faninoar. Mar in berntsje? Nee, dêr doarsten se no net mear op te hoopjen.

"Ik gean aanst nei Jeruzalem", sei Sacharias. "Oer in wike bin ik werom."

"Is it jim beurt wer?", frege Elisabet.

Sacharias knikte. Hy wie pryster. Twa kear yn 't jier hie er mei oare prysters tsjinst yn 'e timpel. "Dit soe wolris de lêste kear wurde kinne", sei er.

"Net sa tryst, hear", sei Elisabet.

"Ik bin hielendal net tryst", sei Sacharias, "mar wy wurde âld en ...". Ynienen hold er op mei praten. Der rôle him in trien oer it wang.

Elisabet seach it. Se wist dat Sacharias noch in grutte dream hie. Hy hie sa graach ien kear it Hillige fan binnen sjen wollen. Dêr yn it Hillige fan 'e timpel soe er God in offer bringe wolle. Alle dagen waard der lotte en mocht ien fan de prysters yn it Hillige gean. Mar it lot wie noch nea op Sacharias fallen.

Elisabet wist hoe sear oft it him dwaan soe as it lot aanst *wer* op in oare pryster foel. Se suchte: "Do hast gelyk, wy wurde âld."

Sacharias kroep Elisabet oan, joech har in tút en gie nei Jeruzalem.

Doe't er by de timpel oankaam, hearde er dat syn namme omroppen waard. Wie it lot op him fallen? Hy koe it hast net leauwe. En dochs wie it sa!

Tusken twa oare prysters yn, rûn Sacharias by de treppen op nei it Hillige. Foar it Hillige bleauwen se stean en Sacharias gie allinne fierder.

Hy stuts it fjoer op it alter oan en swaaide de wijreek de romte yn. Doe barde der wat dat hast net nei te fertellen is. It wie as skuorde de himel iepen. Dêr kaam in ingel út wei, dy't sei: "Wês net bang Sacharias, jim bidden is ferheard. Elisabet sil in soan krije en jim moatte him de namme Johannes jaan. Hy sil minsken by God bringe."

"Dat kin net!", sei Sacharias. "Dêr binne wy te âld foar."

Mar de ingel sei: "Ik bin Gabriël. God hat my stjoerd om dy dit blide nijs te bringen. En do leaust it net? Dêrom silst net mear prate kinne oant bard is wat ik niis sei."

Net mear prate? Dêr skrok Sacharias wol fan.

Bûtendoar stiene minsken te wachtsjen. Sacharias soe weromkomme om harren de seine te jaan. Mar it duorre sá lang!

Doe't Sacharias einlings weromkaam, like it as wie er noch âlder wurden. It rinnen woe net goed mear. En it like wol as wie er yn 'e war. Sacharias tilde de hannen op om de minsken te seingjen. Hy woe begjinne te praten... Mar der kaam gjin lûd.

In frou frege: "Is Sacharias soms net goed wurden?"

"Ik wol leauwe dat er dêr yn it Hillige God moete hat", sei de man dy't njonken har stie.

De minsken rekken der ek fan yn 'e war. "Kom," seine se tsjininoar, "wy kinne mar better nei hûs ta gear."

"En Sacharias dan?", frege Mirjam oan de hoeder.

"Doe't de dagen fan de tsjinst om wiene, gie Sacharias wer nei hûs ta", antwurde de hoeder.

"En ha se doe in berntsje krige?", frege Sara,

De hoeder knikte: "Johannes! Dy namme betsjut: God is goed!"